

1987

Redactie: Gerben Stegenga, Tjepke de Jong, Tetsje v/d Sluis,
Gonny Hornstra en Coby de Graaf.

Het oude jaar ligt al weer ver achter ons en uw goede voornemens voor het nieuwe jaar waarschijnlijk ook. Wij als redactie van de Stadsomroeper zijn weer met frisse moed begonnen.

Ook in 1987 zullen we proberen u zoveel mogelijk te informeren over het hoe, wat, waar en waarom in Sloten en zijn inwoners.

In dit nummer gaan we weer even terug naar de schitterende winterse (schaats)dagen waar januari mee begon en eindigde. Onze bijna vaste rubriek, historie, is ook dit keer weer ingevuld door dhr. Tj. de Jong, waarvan wij weten dat wij er veel lezers een plezier mee doen.

Verder hebben we dhr. J. Poepjes gevraagd iets te vertellen over zijn interessante postzegel-verzameling. Hebt u ook iets te vertellen over een eigenaardige of interessante hobby, of wat u hebt meegemaakt, horen wij dit graag van u en misschien staat uw verhaal in de volgende Stadsomroeper.

SLOTEN

van de red.





Nu het seizoen bijna weer ten einde loopt, willen wij u graag enige informatie verstrekken betreffende onze volleybalver. We zijn in oktober begonnen met het straten-toernooi, waar een ieder uit Sloten van harte welkom was. Er hadden zich 9 teams opgegeven. Tenslotte werden "De Tijgers" de winnaars. Dit team werd een taart aangeboden. Het 2e toernooi wat georganiseerd werd, was op 27 dec., nl. het 6e kersttoernooi. Hier hadden zich 70 personen voor opgegeven, dus ongeveer 1 op de 10 uit Sloten deed mee. Een prima opkomst! Zelfs oud-leden uit Heerenveen kwamen naar Sloten om aan dit toernooi mee te doen. De kerstboompjes gingen met de 1e pr. naar huis. De poedelprijs was voor het team, genaamd "De Kaarsjes", zij kregen allen een mandarijn aangeboden om krachten op te doen voor het volgende toernooi. Het slotttoernooi om de "TAVEERNE-BOKAAL" is alleen voor leden en zal ongeveer eind april plaatsvinden.

Nu moet u natuurlijk niet denken, dat we verder niets anders doen dan alleen maar toernooien organiseren en trainen, want op de woensdagavond zijn er vier teams, t.w. 3 damesteams en 1 herenteam, present op de Zuid-westhoek recreatie-competitie in de sporthal "De Sândobbe" te Koudum. En tenslotte hebben ook nog 8 leden van onze vereniging in januari een scheidsrechterscursus gevolgd. U ziet, de volleybalver. "SLEAT", is een actieve ver. Mocht u echter ook belangstelling hebben voor de volleybalsport, dan bent u uiteraard van harte welkom. De deuren staan op maandagavond vanaf half negen open voor de heren en op dinsdagavond ook vanaf half negen voor de dames! Uiteraard geheel vrijblijvend! De minimum leeftijd is 16 jaar.

Het bestuur.

FREEGJE MAR RAAK

Yn alderhanne rûnten is op'e tiid ferlet fan ferdivedaasje yn'e foarm fan learsume "holbrekkerij". Wy hoopje dêr mei ús nije rubrykje: "Freegje mar raak" wat oan te dwaan en tagelyk niget oan kennis fan alles "wat om ús hinne leit" fuort te sterkjen. Wy sette dizze earste kear mei wat maklike fraachjes útein - de antwurden kinne jo alle kearen efteryn deselde Stedsomropper fine. In protte wille dermei!

Fragen:

1. Wat is de heechste terp fan ús lân?
2. Wa wie de dichter fan ús Frysk Folksliet?
3. Der hat in Frysk itensiedersboek west. Wa hat it skreaun en hoe hiet it?
4. Set yn goed Frysk oer: (vertaal) "Leedvermaak".
5. sis mei oare wurden: "Jehannes is mei de swevelstôk oanstutsen".
6. Op it Hôfplein te Ljouwert stiet in stânbyld. Ta waans eare?
7. Hokker plak hat op'e tsjerketoer in skip as wynwizer?

Der besteane yn Fryslân in moai poarsje saneamde seisprekwurden, dy't njonken in algemiene wierheid yn'e earste helte,... in brike en healwize ferklearring yn'e twadde helte krije, lykas; "Alle begjin is swier, sei de dief en hy stiel in ambyld". Wy printsje de earste helte hjir ôf.

De ferklearring stiet by de oare antwurden efteryn.

- 1 "Boaskje net om it jild berntsjes, sei beppe....
- 2 "Dat is in ding dat fêst sit, sei de man....
- 3 "Dat kin wol ferljochting hjitte, mar gjin foarútgong, sei de boer....
- 4 "De deugd yn'e midden, sei de duvel....
- 5 "De wrâld is rûch en dy't him net rêde kin is slûch, sei de man....
- 6 "Dat sit, sei de smid....
- 7 "Dêr giet it hinne, sei de laaidekker....

BERICHTEN UIT SLOTENS VROEGERE SAMENLEVING

1812;

In Sloten zijn veel veer- en beurtschippers gevestigd; stad ligt in weekend vol zgn. Friesche Tjalken.

14 okt. 1812;

trouwt Johanna Frederica (26 jaar), zij is een dochter van Johannes v/d Moer en die was "Maire" van de gemeente Sloten (tijdens de zgn. Franse tijd) .

14 okt. 1812;

trouwt eveneens Thomas, zoon van Johannes de Boer, die is Portier der Stad; door hem worden de Stadspoorten bediend, d.w.z.: de deuren in de waterpoorten en de 2 landpoorten, t.w.: de Wyckeler- en de Koepoort, die dan nog in gebruik zijn.

2 jan. 1816:

Wibe-Tjeerds Nijenhuis wordt President-Burgemeester en Johannes Hylkes Tromp, Burgemeester. Er zijn dan 5 raadsleden.

29 jan. 1816:

Oege Ruardi wordt secrataris der stad voor f. 400,- per jaar. De functie van stadsbode, organist, "gezworen" klerk en stadsontvanger doet een tractement van f. 250,-- .

De beide stadsveldwachters krijgen een jaarwedde van f.50,--. Sybren Thomas de Boer wordt hersteld in zijn functie van "stadsmajoor": hij was in 1796 ontslagen, omdat door hem was geweigerd de verklaring van afkeer van het stadhouderschap te tekenen en af te leggen.

13 jan. 1817:

Als opvolger van Cornelis Gerlsma wordt benoemd tot "stadschirurgijn": Symon Doedes Breuning- de "gratificatie" is honderd gulden per jaar.

Hij ligt (samen met zijn vrouw) begraven op het oude kerkhof (kerksteeg). (De grafsteen met het ijzeren hekwerk er omheen).

9 febr. 1818:

Er wordt bepaald dat de te bouwen R.K. Kerk zal plaatshebben op een stuk grond van de Stadsschans; de aanbesteding vindt plaats op 12 maart.

11 juli 1818:

Er worden vijf burgers benoemd in de Subcommissie voor de "Maatschappij van Weldadigheid" (een voorloper van de nu geldende Bijstandwet).

17 aug. 1817:

Vandaag zijnde de 1e dag der Kermis, is er een harddraverij van paarden. De condities zijn; "Alle paarden zullen worden toegelaten, mits Van Zessen Klaar!" Het gemeentebestuur laat "verdraven"; één, met zilver gemonteerde zweep. De monsterring der paarden is om 11 uur 's morgens voor het "Logement De Zeven Wouden".

4 nov. 1817:

Verkoop van een huis met bleekveld, waarop de stadsasbak ook is geplaatst. De verkoop betreft "Wykswal" nr. 57 en heeft plaats in de "Vergulde Zon", waar Caspar Roelof's de Jong- kastelein is (was ook raadslid). De "Vergulde Zon" was gevestigd in de Dubbelstr.-hoek Slotmakerssteeg.

7 febr. 1819:

Overleden Roelof Franzes Hes, 93 jaar, oud Kofschipperwoonde in de Dubbelstr. 104.

14 maart 1819:

Er heeft een belangrijk huwelijk plaats tussen fam. Tromp en v/d Wal (weduwe en weduwnaar). Beide families zijn betrokken bij de verzekeringmij. "'Woudsend", waar van de grondleggers onder de blauwe zarkstenen achter in de Ned. Herv. Kerk zijn begraven.

HJIR EN HJOED

Stoarn: 10 jan. '87 Elizabeth Spoelstra-Hoogland


Berne: 23 des.'86 Sander de Hoop
30 jan.'87 Marije Hendrika Visser
7 feb.'87 Sicilia Sippie Maria Kunst
8 feb.'87 Jan Willem Middelbrink

Troud: 6 okt. Thys en Utty Albada: 25 jier!
Lokwinske!

Ofreizge: Hidde Akkerman nei de stêd Grins
Sijtske de Graaf nei Voorburg
Mellius de Jong nei Wâldsein

Ferhuze yn'e stêd:

Geart Peters Menno v. Coehoornstr.
Jacob Haarsma B.H. Mulierstr.
Jan Bergsma De Pôle
Johan Laanstra Slotmakkerssteech



GEMEENTENIJS

Yn de beliedsbegrutting foar 1987 binne de folgjende, nijsgjirrige plannen foar Sleat te lêzen:

It doel is, om it kommende jier it brêgejild omheech te bringen mei in kwartsje (fan f. 1.75 nei f. 2,--).

De gemeente sil krapoan f. 6.000,-- útlûke foar it opknappen fan it brêgedek fan de fêste brêge oer de rûnwei om Sleat hinne. De hulten en bulten litte de auto's dêr tsjintwurdich raar springe en dan krekt yn sa'n bocht!

De Bolwurken yn Sleat sille ek ûndersocht wurde;

- a. hoe stiet it mei de beammen?
- b. hoe stiet it mei de huzen?
(bou- en wenningtechnyske kwaliteiten)
- c. hoe is it mei't gebrûk en de tastân fan de fytspaden?
- d. hoe liket it mei de ferkearssitewaasje en de feiligens?

De Poarte: de gemeenterie hat besletten om it eksploitaasjetekoart fan de Poarte net langer te beteljen. Der waard foarhinne net folle rekken houden mei in bydrage fan it Van der Walfûns- dat dogge hja no wol!

De gemeente Gaasterlân-Sleat hat neffens beslút fan 6 maaie 1986 in stik grûn efter de jachthaven oernommen fan it Van der Walfûns, foar in bedrach fan f. 276.114,60.

Wenningbou Sleat: it doel is om de kavels op "De Pôlle" bebouwe te litten troch eigner/ûntwikkelder W.U.P.O. (Westland Utrecht Projekt-ontwikkeling). Der sil besocht wurden om yn dit plan ek in stikmannich wenningwet-wenten fan'e grûn te krijen. Hjir wurdt op't heden oer praat mei de wenningbouferiening G.S.W. Yn 1987 sil mei de bou útein set wurde. De iennichste partikuliere kavel is ûnderwilens beboud.



Breedstrjitte: de yntsjinne beswierskriften tsjin de bouplannen yn'e Breedstrjitte binne troch de Raad van State sûnder grûn ferklearre. De planologyske prosedueren is hjirmei sletten.

Troch de wenningbouferiening G.S.W. is wilens in boufergunning ôfjûn en yn 1987 sil útein set wurde mei de bou fan de wenten.

En no mar hoopje, dat dizze beliedsplannen yndied trochgean sille. Dat it net in spultsje wurdt fan it saneamde H.B.B. = "Herziening Bestaand Beleid", wat yn'e praktyk gauris betsjut: "Hakje! Bûtse! Brekke!" Wy hâlde moed, yn Sleat!

TOANIELFERIENING Sleat

It hat dit winterskoft wat rêstich west om de toanielferiening fan Sleat hinne. Wy hawwe dit jier alwer net spile.

Dit komt, om't der noch gjin nije spilers harren oanmelde ha by ús. Wy freegje ús no ôf, oft it de minsken neat seit, dat wy net spile ha; as dat sa is, kinne wy der wol mei ophâlde. Dat soe ús fansels tige spite. Wy spylje graach foar jimme, mar as der gjin spilers binne, dan hâldt alles op. Dêrom freegje wy noch ienris: WER IS IT TALINT UT SLEAT???

Wolle jimme ús út de brân helpe en spylje, skilje dan: Fetze Schotanus, 05143-387

PLAYBACK-SHOW

Op 20 maart o.a. sil de Jeugdsoos wer in Playbackshow organisearje. Wa't meidwaan wol, moat eins foar 19 maart opjaan by Toos van Houten.



OFSKIE DUMNY KRAAIJEVELD

Op 25 jannewaris hat ús dûmny Kraaijeveld ôfskie fan syn gemeente nommen. Yn in grôtfolle Herfoarme Tsjerke yn Sleat houd Kraaijeveld in prachtige ôfskiepreek. It spyt de gemeenteleden tige, dat hij ôfset is, mei syn húshâlding nei Ridderkerk wêr't hy mei syn frou in dieltiid-baan kriget as dûmny.

Benammen it "Samen op Weg"-proses fan Herfoarme en Grifformearde Sleat hat ûnder syn lieding in grutte ûntwikkeling trochmakke.

Ek hat hy in geweldige opbou ûnder it katechesewurk levere: der wiene de lêste tiid wol sa'n 96 katechesanten yn Sleat en Wikel!

De redaksje winsket dûmny Kraaijeveld en frou en bern lykwols in goede takomst ta! De hoarkommisje is drok dwaande om foar de kommende tiid wer sa'n bêste dûmny hjirhinne te krijen. Lit ús mar hoopje, dat dit meikoarten slagget, want in gemeente sûnder dûmny, is as in keppel skiep sûnder hoeder!

Al die mensen die hun zo geweldig hebben ingezet voor de spaarbusjes van "Bartimeüs" zeg ik hartelijk dank. Het was in één woord geweldig!

Totaal-bedrag was: f. 2.336,10



G. Dijkstra-Kraak

PRIIS FOAR FOLKERT VERBEEK

Elts jier wurdt der yn de "Fleanende Krie", útjûn troch de Kristlike Fryske Folks Bibliotheek (KFFB) in wedstriid houden.

De lêzers kinne dan by in ôfprinte foto of tekening in gedicht meitsje en dit opstjoere, om sa te besykjen yn'e prizen te fallen.

Dit jier is de le priis wûn troch ús stedsgenoat Folkert Verbeek. Lokwinske!

De feestlike útrikking fan dizze priis, troch de hear E.S. de Jong fan't KFFB, wie op 10 jannewaris yn't Oranjehotel yn Ljouwert.

Tradysje by dit barren is, dat de le priis-winner freonlik fersocht wurdt, om by de earstkomende wedstriid, dan wer foarsitter fan de jury te wurden.

De redaksje is fan betinken dat it dan yn betroude hannen telâne komt!



Youp van't Hek

Elkenien hat yn'e kranten wol lêze kinne, hoe't in akteur, dy't net iens reedride kin, dochs de Alvestêdetocht docht. Yn Sleat wie Roel Slofstra in saneamd Rayonhaad - sa hie elke stêd sines, keazen út de toanielwrâld, dy't de stimpels útdielden. De opbringst foar al dy 11 optredens wie foar't Fryske Gea. Yn Sleat wie de belangstelling net sa geweldich (+ 15 Sleattemers en + 45 Balksters). De Poarte wie oars moai oanklaaid mei 3 flaggen en it plaknammeboerd, mar blykber reedride de ynwenners fan de lytste stêd fan Fryslân leaver!

SLOTEN

Fan'e wike ha'k foar it earst nei de "Soos" west. Op oanstean fan de foarsitster Reintsje fan Pytsje fan Ale'Akke. 'k Hie der wol in jier earder hinne mocht, mar wat soe dat betsjutte!

Reintsje fan Pytsje hat lykwols by my west om my te wizen op de foarrjochten fan in lytse mienskip. Se neamde gâns op. Ut har wurden koe ik opmeitsje dat ik wol in tige ûntankber frou-minske wie as ik net "mei-draaide-yn-it-sosjaal-gebeuren", dy Reintsje hie my alhiel yn'e besnijing en ik sei ta, nei de "Soos" te gean. Kreas ferklaaid sette ik tiisdeite-middei nei it lokaal.

Nei de feestlikheden yn desimber, soene sy no in gewoane soos-middei ha. Wy hiene de tee op en koene doe los mei: biljerten, sok-breidzjen-foar-earmebern of spulstsje dwaan. It seit himsels dat biljerten foar de manlju is, breidzjen ha my de hannen noch nea nei stien, dus dan mar "Mens-erger-je-niet". Willemke en ik elk oan in kant fan it boerd.

Al ridlik-gau smiet ik "seis" en mocht opsette.

Willemke moast gâns tiid dwaan en rekke in hiel ein by my achter. 'k Hie stille wille, want hie it op skoalle mei't knikkerjen net erflik oarsom west?

Willemke tocht oan gjin knikkerjen. Se smiet fûleindich mei de dobbelstien, op in stuit bleau dy stien skean tsjin har teepantsje hingjen.

"Seis!" rôp Willemke. "Nee, oer, Willemke", antwurde ik sa kalm wei. "As dat pantsje der net stien hie, hie ik seis hân!" raasde Willemke.

"Mar dat pantsje stie der wol!" smiet ik har foar de fuotten. Gearte'Japke der by om ús del te bêdzjen.

"Dames, dames, it is mar in spulstsje!"

Oalje op it fjoer! Dy Willemke wûn har sa bot op, dat se sloech mei de folle fûst op it boerd, de mantsjes sprongen by de tafel del. It spulstsje wie finaai út. "Do kinst net oer ferlies!" biet se my ta.

Noch deselde njirre as lyts 60 jier lyn. Neat byleard. Mei sa'n ien sil ik net wer dielnimme oan it "Sosjaal-gebeuren".

Mei tastimming oernommen út de *Stif fan Fryslân*.

Jeltsje

DE SCHEVE SCHAATS



Ooit, in 1963, ja inderdaad, de Elfstedenwinter, werd het me echt te gortig.

Al 9 jaar oud en nog nooit had ik het genot van het glijden op een paar smalle ijzers gevoeld.

Waar plaatselijke vedetten als de gebroeders Schotanus, Jelle Bosma, Jaap Dijkstra en anderen met hun zwierige stijl op de ijsbaan hun rondjes in een mum van tijd afrafelden, daar had ik nog nooit een poging gedaan om ook maar één scheve schaats te rijden, hetgeen mij vele jaren later wel diverse malen zou lukken.

Daar zou en moest verandering in komen. Op een dag trok in dan ook de stoute schoenen aan en dat waren wel te verstaan de zwarte gympies, waarmee Mem al ver voor de oorlog internationale furore had gemaakt.

Ook de doorlopers, die de zwarte "juwelen" moesten vervolmaken, waren haar bezit. Naar horen en zeggen had Mem daarmee zowel in binnen- als buitenland vele prijzen gewonnen. Hoewel speurwerk mijnerzijds in huize Stegenga nooit heeft geleid tot het vinden van ook maar één medaille, of iets wat daarop leek, waardoor ik haar prestaties in twijfel trok, maakte ik toch gebruik van het familiebezit.

Vol trost ging ik vervolgens richting ijsbaan, die zich op steenworp-afstand van mijn ouderlijk huis bevond.

Heit was nog zo vriendelijk me een stoel achterna te brengen, die zelfs het predikaat "oud" als een wat al te optimistische kijk op het leven zou verraden, want de houtwormen hadden hier al in grote getale bezit van genomen. Op de ijsbaan aangekomen kwam ondergetekende alras tot de ontdekking, dat het opbinden van de "houtjes" met z'n leren veters al het eerste struikelblok voor een flitsende start zou betekenen. Een toevallige schaatspassant moet de onhandigheid in dezen, wat zich later ook op andere gebieden zou openbaren, van het schaatstalent in wording, zijn opgefallen en zorgde voor de oplossing van dit probleem. Vol vertrouwen, nog zittende op Heit's erfstuk, zag ik m'n klopjacht op het prachtige gladde ijs, dat



me als goud toeblonk, tegemoet.

De eerste streken konden worden gemaakt. Een halve streek later werd ondergetekende duidelijk gemaakt en dit wel op zeer hardhandige wijze, dat alle begin moeilijk is. Als een gelanceerde SS-20 raket schoot m'n linkervoet weg, waarna een pittige confrontatie met het bevroren water zou volgen. De bril, die ik destijds droeg, maar welke door de revenuen van de voetbalsport al behoorlijk in waarde was gedaald, diverse rollen sellotape waren nodig geweest om het "zaakje" bijelkaar te houden, schoot als een kogel van m'n hoofd en werd pas dagen later op de "Berezine" teruggevonden.

Vele lijfelijke kontakten zouden er die middag nog met het keiharde ijs volgen. Groot respekt kreeg ik voor m'n oude stoel die me voor nog meer horizontaal werk wist te behoeden.

Maar dat doorzetters worden beloond is me toen duidelijk geworden, want na veel geoefen en geploeter slaagde ik er toch in om het aantal blauwe plekken te reduceren. Zo kon het gebeuren dat de winter van '63 mij naderhand nog veel schaatsvreugde zou verschaffen.

Ook deze winter wist koning Thialf z'n schaatsbacil weer op me over te brengen. Op een mooie zondagmiddag vertrok ik in gezelschap van wat prominente Sleattemers richting de Fluessen. Al vrij snel verdween ik in de achterhoede, waar slechts Durk Leentjes nog aan m'n zijde streed.

Op z'n spiksplinternieuwe, speciaal uit Zweden overgekomen, schaatsen moest ook de toekomstige gemeentesecretaris van Jisp vele ontberingen lijden. Ontdaan van alle krachten kwamen we volledig kapot te zitten. De konklusie was dan ook gerechtvaardigd, dat het "afzien" van Reinier Paping in de Elfstedentocht van '63 slechts kinderspel moet zijn geweest vergeleken met de inzinkingen die genoemd tweetal moest ondergaan. Toch demareerde Leentjes plotseling, waarschijnlijk speelde doping hierin een rol en reed nu ondergetekende volledig de vernieling in.

Toen me later ook nog een echtpaar dat minimaal 50 jaar getrouwd moet zijn geweest, fluitend voorbijreed, zonk het laatste stukje macht en zelfvertrouwen me in de schoenen.

Durk zou later dusdanig fris in Sloten verschijnen, dat vermoedelijk de FRAM in het spel moet zijn geweest. De redding kwam op de Luts waar "chrysantenkoning" Pieter Roffel me opwachtte. Na nog een keer of twintig gestopt te hebben wisten we met de allerlaatste krachten een horecagelegenheid in Balk te bereiken, waar enige flesjes "prik" voor het opladen van nieuwe krachten zouden zorgen. Gelukkig kwam Hein Baart in Sloten tot de ontdekking dat er in het stedeke minder aan waren gekomen dan er waren gestart, waardoor ons een rit over het Slotermeer bespaard bleef.

De banken van Hein's auto zaten dan ook een stuk beter dan de "maatjes 44" van dhr. Viking. De marteling was eindelijk teneinde.

Eén ding is zeker, dit jaar zal ik beslist nog geen huldiging op de Bonkevaart ondergaan, misschien brengt een winter oefenen daar volgend jaar verandering in.



Cum laude slagge!




Op tongersdei 8 jannewaris stie it folgjende berjocht yn'e Balkster Krante;

SLOTEN. Aan de Technische Universiteit te Delft slaagde onlangs de oud-inwoner van Sloten, dhr. H. Leentjes, cum laude voor het ingenieursdiploma werktuigbouwkunde-energietechnieken.

Lokwinske Henk! (de redaksje hat besocht om in pear wurden kommentaar te krijen fan de nije ingenieur, mar syn beskiedenheid is tige grut: Henk wachtet ynearsten op in oprop foar de militaire tsjinst en wol nei al dat gelear syn hannen noch graach in pear moanne wapperje litte yn'e metaal!)





WOARSTAKSJE GJIMMESTYKFERIENING T.H.O.R

De ferkeap fan woarst, makke troch ús pleatslike slachter, hat skjin opbrocht: f. 895,30.

Alle keapsters en keepers tige tank!

Dit jildt ek foar alle sutelsters en de iene suteler, dy't it fan syn frou oernommen hat. Sûnder dizze gearwurking hie dit net mooglik west.

Tige tank!



HILBRAND DE VRIES EN BEMANNING MAN(NEN) van het jaar 1986

Tijdens de afgelopen oudejaarsviering in gebouw "De Poarte" werd op initiatief van de jeugdsoos wederom de man/vrouw van het jaar gekozen. Voor het jaar 1986 viel de keuze op de schipper van de "Stêd Sleat", Hilbrand de Vries en zijn hondstrouwe bemanning.

Het argument voor deze keuze was voornamelijk het promotiewerk gedaan voor on stedeke via de oervorm van de zeilsport het "skûtsjesilen".

In ons vorige nummer hebt u uitgebreid een prima verslag kunnen lezen over het skûtsjesilersseizoen 1986 van de "Stêd Sleat".

Hilbrand en bemanning: namens de redaktie van dit blad van harte gefeliciteerd met deze verkiezing en we wensen jullie een sportief en succesvol 1987 toe.

DISCODUNSJEN

Op 19 desimber 1986 hat de Jeugdsoos mei Rob, de dûns-leraar in Disco-dûnswedstriid yn'e Poarte organisearre. It nivo fan de dielnimmers lei diskear tige heech. Spitich wie, dat der sa'n bytsje âlders by wiene te sjen, want de prestaasjes fan harren bern wiene geweldig!

Dit wie de útslach:

Disco-dûnswedstriid:

1e plak: Etty Visser út Wyckel

2e plak: Joke Pander

3e plak: Jitske v/d Goot

1e jiers Styldûnswedstriid:

Joke Pander en Durk Doede Deinum 1e pr.

Henny Verbeek en Hans Lolkema 2e pr.

Grytsje van Dijk en Sjouke Jan Albada 3e pr.

2e jiers Styldûnswedstriid:

Tineke v/d Goot en Pieter Spoelstra 1e pr.

Antje Hepkema en Pier de Jong 2e pr.

Gerda de Vries en Ronald v/d Goot 3e pr.

3e jiers: Styldûnsjen: Jeltsje Spoelstra en Pieter Verbeek

1e pr., Sietske de Graaf en Ruud Brand 2e pr., HInke

Hepkema en Sjoerd Lolkema 3e pr.





NED. INDIË

— 11 —

In unike postsegel-samling!

Elkenien hat as bern warskynlik wolris postsegels garre foar koarter of langere tiid. Guon giene dermei troch en dêr waard it al gau in hobby foar.

Wat yn in âld doaske begûn, groeide út ta safolle ferskillende segels, fan safolle lannen, dat der boeken oanskaft wurde moasten. En dan komt der in momint, dat jin dochs wol in bytsje meár kieke: sa troch gean of foar in bepaald lân. Sa is it ek gien mei it postsegelgarjen fan ús stedsgenoat Jacob Poepjes.

Neist in, op 2 segels nei folslein komplette samling fan Nederlânske postsegels, hat Jakob in ymposante samling fan Nederlânsk-Indië. Hy is lid fan de feriening "Dai Nippon" (Japanske besetting), bûten him binne der noch mar 128 leden oer de hiele wrâld. Jakob en in Ljouwerter binne de iennichste fryske leden. De feriening hat syn setel yn Nunspeet en jout ferskillende katalogi út. Om wat sicht te krijen op dat "boskfol postsegels", wie in petear (mei fansels in protte details) allinne net foldwaande. Mar de beskriuwings yn de katalogi follen it aardich oan.

Der is ûnderskied te meitsjen tusken trije tiidrekken: Fan 1942-1945 wie it grutste part fan de Archipel ûnder de Japanske besetting.

Fan 1945-1949 wie it de tiid fan ferskillende besetters en lang om let de Republiek Indonesië.

Fan 1949-1957: de hjoeddeiske Republiek Indonesië.

It earste tiidrek, de Japanske besettingstiid, joech in aardige gaos yn'e postsegelwrâld. Al ridlike gau nei de ynfal fan de Japanners mochten de foaroarlochske segels fan Nederlânsk-Indië, wêr't de holle fan ús keninginne opstie, net mear sá brûkt wurde. De holle waard bedutsen troch grouwe stimpels, Japanske tekens en krusen, ankers of bollen, oanbrocht mei pinne, stimpel, segelring of lakbol. By it ferstjoeren fan de post kaam dêr dan ek nochris in poststimpel oerhinne. Dit meitsje de segels der net dúdliker op.

Jakob hat in kaartsje fan de ferskillende opdrukken (stimpels) wêr't hy oan sjen kin, wêr't sa'n segel weikomt. It Japanske hânskrift stiet efter yn sa'n katalogus. It iene eilân wie mear beset troch Japan, as it oare en dit is ek oan dy opdrukken te sjen.

It twadde tiidrek wie hielendal in gekkeboel. Der waarden eilannen wer oarnommen troch Nederlanners, Ingelsen en ek oare lannen hiene dêr wer besittingen. De eilantsjes Timor en Soemba hawwe sels in skoftke beset west troch Australië- ek yn dat tiidrek waarden dêr wer aparte postsegels útjûn. Wêr't de Nederlanners nê't wer kamen, waarden de foaroarlochske segels foar de 2e kear oerdrukt: oer de Japanske tekens hinne, kaam wer te stean: Republiek Indonesië en oer it wurd Ned. Indië waard in grouwe balke lutsen.

Yn de tredde perioade hat de nije regearing sels in searje postsegels yn Eastenryk meitsje litten, mar dizze ha net lang yn omloop west. Dêr binne sa'n 400 ferskillende fan, mar se binne net maklik te krijen. (Jakob hat der lykwols ál in stikmannich fan. Sa as ek fan de opstân yn Celebes: dêr binnen mar 4 segels fan: hy hat se alle fjouwer).

Der binne trije gebieten fan Ned. Indië yn de besettings-tiid te ûnderskieden: Java, Sumatra, Borneo en de Grote Oost (Celebes, Molukken, Nieuw Guinea). Dêr wiene ek seldsum Japanske postsegels (troch militairen brûkt), mar oer't generaal waarden hast allinne de foaroarlochske Ned. Indië-segels brûkt.

Dêr wie nei de Japanske besetting op de eilannen in wiksling fan alderhanne besetters, dy't hieltyd wer harren eigen postsegels útjoegen. Dit makket it alle-gearre tige yngewikkeld en Jakob hat dan ek in wiid-fiemjende kennis fan saken. Om hjir as leek goed yn te kommen en sicht te krijen op al dy stimpels en opdrukken, moatte jin jin earst goed ferdjipje yn de histoaryske eftergrûnen fan de Archipel. En dat is net sa'n bytsje! Dy histoarje is dan ek op ferskate bledsiden yn sa'n katalogus te finen as ferdúdliking, byg.:

1946:

Frankeerzegels met toeslag en afbeelding van president Soekarno. Toeslag ten bate van het bevrijdingsfonds.

1948:

Tengevolge van de 2e politionele actie (dec. 1948) niet meer uitgegeven frankeerzegels met de afbeeldingen van Sukarno en Hatta.

1949:

Uitgegeven 20 juli 1949, ter gelegenheid van de terugkeer van de republikeinse leiders uit Nederlandse internering. En gean sa mar troch!

Jakob kin der oeren oer fertelle en wit alles ôf fan dy sa wichtige histoarje fan Nederlânsk Indië. In man mei in prachtige hobby!



DE FABRIEK "Sloten"

Aan het begin van deze eeuw werd in Sloten opgericht: de Naamloze Vennootschap "Kaas en roomboterfabriek"- in de volksmond genoemd: de melkfabriek. Deze vestiging groeide in korte tijd uit tot een behoorlijk groot bedrijf, wat produktie en omzet aanging. Tot ver over de grenzen reikte de "roem" van Slotens boter; dat kunt u o.a. nog lezen op het geëmailleerde bord wat in de voormalige raadszaal hangt. De fabriek ging in de jaren '30 over in andere handen en werd een onderdeel van het zg. Lijmf-concern, wat tot in 1957 zou duren. In het laatst van dat jaar kwam het bedrijf "stil" te liggen en de tijd die daarop volgde gaf op dat moment weinig uitzicht. Daar kwam in het daaropvolgende jaar gelukkig een eind aan, toen werd begonnen met de produktie van wat zou heten: "keallemaal", onder de uitlandse benamingen "Sprayfo en Spraymes" ect. Voor de uitvoering van dat doel was een ingrijpende verandering nodig voor wat de "innerlijke en uiterlijke vorm van het gebouw betrof. Met grote spoed werd begonnen aan div. verbouwingen, terwijl er mechanisch etc. ingrijpende voorzieningen plaats grepen. Dit zou + 16/17 jaar doorgaan, voordat de huidige vormgeving zo ongeveer tot stand kwam. In dit verband zou je dus kunnen spreken van een stormachtige ontwikkeling, waarmee de produktie en afzet gelijke tred hield. Tijdens de, in die jaren steeds voortdurende veranderingen, ontstond er in het bedrijf 3 keer brand, wat gelukkig steeds kon worden bezworen en "draaide" de fabriek praktisch door. Als verreweg de grootste onderneming en werkgever, waren het voor onze gemeenschap, die zo nauw verwant en verweven was aan dit bedrijf, dan ook gelukkige tijden en al paste het "Silhouet" niet bij het oudheidkundig karakter van onze woonplaats: als Slotenaren waren wij er aangewend, dat aan de rand van de oude stad dit hoge en grote complex stond, waarbij een zo groot deel van onze bevolking was betrokken en er werkgelegenheid vonden. DAT WAS DE HOOFDZAAK! In het laatst van de jaren '70 wordt de fabriek een vennootschap onder firma, waarbij 3 grote Coöperaties zijn

SPRAYFO - SPRAYMES

betrokken, t.w. C.C. Friesland (37%), Coberco (38%) en Cebeco Handelsraad (25%). Helaas komt, als gevolg van diverse moeilijkheden in de landbouwsector de fabriek begin 1986 negatief in de publiciteit, als blijkt dat het jaar 1985 een totaal-verlies aangeeft van ongeveer 25 miljoen gulden. Bij de presentatie van het jaarverslag '85 wordt dan ook grote bezorgdheid uitgesproken en vastgesteld: "dat het natuurlijk niet door kan gaan met verliezen in deze orde van grootte"- als gevolg wordt 1986 voor de fabriek "Sloten", het jaar van de waarheid genoemd. De oorzaken van de problemen, waarmee de fabriek in Sloten kampt zijn gelegen in het volgende;

Er wordt in Nederland nog te veel melk geproduceerd (gevolgen van de "Superheffing") en hierdoor ging (en gaat nog) een deel van de produktie rechtstreeks naar de kalveren.

De kalveren kregen te maken met een aandoening waardoor ze meer voer dan anders nodig hadden voor de gewenste vleesvorming.

Als gevolg van de ontstane situatie werd een "stuurgroep" in het leven geroepen ter advisering aangaande deze problemen. Om op langere termijn op rendabele wijze "Sloten" te kunnen voortzetten heeft het Bestuur naar aanleiding daarvan, zich voorgenomen een aantal maatregelen te nemen. De belangrijkste daarvan zijn:

Het terugbrengen van het aantal kalverstandplaatsen in de mestsector van 100.000 naar 40.000.

Het overbrengen van de meng-activiteiten van de vestiging Sloten, naar de vestiging Deventer; waarna in het bedrijf te Sloten alleen nog vetkempdukatie zal plaatsvinden.

Het reduceren van het aantal arbeidsplaatsen in de productie, van kantoorsector en commercie-voorlichtingsdienst, met 42 (waarvan in Sloten 22).

Het verplaatsen van de kantoorsector van Leeuwarden naar Deventer.

Het overbrengen van de Laboratoria voor onderzoek en kwaliteitscontrole van Leeuwarden naar het bedrijf in Sloten.


Wat is het gevolg hiervan voor de medewerkers in Sloten?

Er verdwijnen hier 22 arbeidsplaatsen op een totaal van 50. Voor deze 22 medewerkers zal men trachten elders passend werk te vinden. Voor deze medewerkers is een sociale regeling opgesteld, die nog goedgekeurd dient te worden door het bestuur. Het behoeft weinig betoog in dit stadium, hoezeer deze 22 betrokkenen worden getroffen door deze onvermijdelijke "stappen" en gevolgen. Wat zal nu de toekomst brengen voor de verdere gang van zaken rond het Bedrijf en onze stad. De opgave die is gesteld, houdt in, dat "Sloten" na deze genomen maatregelen binnen + 4 jaar zonder verlies zal moeten draaien. Als medewerkers van het bedrijf en als inwoners van onze stad staan we nu voor een beslissende fase in onze geschiedenis. Alleen een herstel in de verhoudingen rond de "landbouw-problematiek" kan een afzet garanderen, wat voor de fabriek noodzakelijk is om te overleven. Het oude spreekwoord "Ora et Labora", dat is: "Bid en Werk" is nu meer dan nodig - mogelijk zal het dan gaan.

De redactie.



hange brug te Sloten (vroeger). Rechts de oude „melkfabriek“.



STICHTING "VRIENDEN VAN SLOTEN"



In de 2e helft van de jaren zestig en de daarop volgende tijd werd de restauratie van onze stad met veel ijver en inzet ter hand genomen. Het gemeentebestuur nam contact op met diverse Rijks-diensten, die gingen bijdragen in het herstel van gebouwen, huizen en div. eigendommen voor algemeen gebruik.

Er ontstond spoedig een renovatieplan in dit verband, wat met veel ambitie werd uitgevoerd en dat uiteindelijk res ulteerde in een vrijwel totale "opknapbeurt" van Sloten; - hetgeen bij bewoners en bezoekers inmiddels niet onopgemerkt is gebleven. Uit de mond van veel "vreemden" kun je nog telkens horen, dat Sloten de afgelopen 20 jaar een "gedaanteverwisseling" (ten goede) heeft ondergaan. En wat daarbij bijzonder opvalt is het gave beeld als "totaalmonument" in zijn geheel. Omstreeks dezelfde tijd, zoals hierboven omschreven, namen toen enkele inwoners van de provincie Utrecht het initiatief om te komen tot oprichting van een soort gelijke ondersteuningsgroep.

Het waren mensen, die al jaren een deel van hun vrije tijd in de Z.W.Hoek doorbrachten, en vooral in Sloten waren geïnteresseerd.

Na een gesprek met enkele inwoners van onze stad (die nauw betrokken waren bij gemeentebestuur, e.a.) werd besloten tot oprichting van de Stichting: "Vrienden van Sloten". Dat vond plaats op 11 nov. '70 ('s avonds in de "Malle Mok"): een gedenkwaardig moment zoals later zou blijken. De doelstelling van de nieuwe Stichting was: "Restauratie-ondersteuning"- het conserveren en verfraaien van het stadsbeeld en de presentatie in div. vormen naar buiten.

Er meldden zich een paar honderd donateurs; die in de loop der jaren vele duizenden guldens bijeen brachten, waarmee beeldondersteunend werk werd betaald en verricht. Ook ging de Stichting in overleg met gelijkgestemde organen in den lande, waarbij de relaties die diverse

bestuursleden bezaten, van uitzonderlijk belang waren. De financiële middelen waren natuurlijk beperkt, temeer omdat er meer van dit soort stichtingen waren in het land; (waarvan velen al donateur etc. waren) moest men dus putten uit een groep mensen, die bijzonder geïnteresseerd waren in Sloten.

Desondanks kwam er toch veel tot stand en hoopt de Stichting ook in de toekomst nog één en ander te doen. Het eerste omvangrijke "project" was het Lantaarnplan, wat resulteerde in de oude antieke straatverlichting langs de grachten, het Bolwerk en Achterom.

Als tweede opgave was gesteld; het aankopen en plaatsen van enige "vuurmonden"- de kanonnen op de Stadswallen, waarvan er inmiddels 2 zijn geplaatst, met originele onderstellen (de zgn. rolpaarden). Wat dit betekende voor de "presentatie" van onze stad is jaarlijks te merken bij de geschutsdemonstraties van de eveneens opgerichte "Stadsschutterij", waarbij de Stichting in materiaal en kledij destijds eveneens een aandeel had.

Het "Stoepenplan" werd ook ter hand genomen en meerdere bewoners van onze woonplaats hebben van daaruit een financiële bijdrage ontvangen in het herstel van hun stoep, e.a.

Om het stadsbeeld te verfraaien, ontstond er ook een plan tot het maken van "uithangborden", die u dagelijks kunt zien en waaraan de Stichting financieel bijdroeg. De plaats waar onze voormalige "Waagh" was gevestigd, werd eveneens hersteld, terwijl er in verschillende gevels sierankers werden aangebracht. Aan diverse schoorsteenborden werd aandacht besteed, als ook het aanbrengen van (oud type) straatnaamborden, die momenteel in reparatie zijn.

In diverse "reparaties" etc. verstrekte de Stichting een geldelijke bijdrage. Wat de presentatie van onze stad aanging, nam de Stichting een werkzaam aandeel in de oprichting en financiële aanzet van ons Stedelijk Muziekkorps, wat een enorme aanwinst voor onze stad betekende, vooral bij het 700-jarig bestaan van Sloten.

SLOTEN

Bij dit gebeuren vormde de zgn. "Friesche Brulloft" een onderdeel, wat door de Stichting werd verzorgd en wat resulteerde in een stuk "Sloten-promotie", waarbij dient vermeld te worden, dat onze Stadsomroeper eveneens in passende kledij werd gestoken voor zijn zeer werkzaam aandeel in de zomermaanden alhier.


In het kader van "Geef Sloten bekendheid", traden in de loop der tijd div. "Skotsploegen" op, terwijl de Stichting eveneens de aankoop van een oude film over Sloten financierde.

Langs de Ee (zuidelijk van onze stad) is een wandelpad uitgezet (Het Fjildmanspaed geheten), wat zal worden voorzien van aanduidingsborden en in de toekomst zo mogelijk verhard.

Hopelijk heeft u een indruk gekregen van wat er alsoo door de Stichting "Vrienden van Sloten" ter hand wordt genomen. U begrijpt: hoe meer donateurs- hoe meer er kan gebeuren. Voor een plaats als Sloten (enige stad in onze gemeente) is het van uitzonderlijk belang, dat wij als inwoners (en mensen van buiten, die dat willen honoreren) samen werken in een Stichting als de onze en hopelijk verder zal leiden tot instandhouding van het verworvene in een verdergaand Stadsherstel van de toekomst, want SLEAT MOAT BLIUWE!



Hierbij de geplande data van de optredens van de ver. Stadsschutterij Sloten voor het komend seizoen:



- donderdag 30 april
- vrijdag 29 mei
- vrijdag 10 juli geschuts-demonstratie
- vrijdag 17 juli geschuts-demonstratie
- vrijdag 24 juli geschuts-demonstratie
- maandag 27 juli
- vrijdag 31 juli geschuts-demonstratie
- vrijdag 7 aug. geschuts-demonstratie
- vrijdag 14 aug. geschuts-demonstratie
- vrijdag 21 aug. geschuts-demonstratie

Alle geschuts-demonstraties beginnen wederom om 20.00 u.



Oud burgemeester Alta schiet één van de kanonnen af!

BERICHT VOOR ONZE ABONNEES OM UTENS!!!

In deze Stadsomroeper zit een kwitantie voor het jaar 1987. Graag zien wij uw bijdrage tegemoet op ons bankreknr. 3052 54 154 van de Rabobank, t.n.v. Red. Stadsomroeper Sloten. Bij voorbaat onze hartelijke dank.

EXPOSITIE

Op uitnodiging van de Amerikaanse Ambassade in Den Haag, zal onze stedelijke kunstschilder Hielke Jan de Jong enkele van zijn werken gaan exposeren in het Ambassade-gebouw. In de gehele maand april hangen zijn schilderijen ter bezichtiging voor alle bezoekers van de Ambassade. Jammer dat deze expositie niet voor het publiek geopend is.

OPROP

Dizze maitiid hat de kristlike skoalle yn Sleat 75 jier bestien. Foar dit jubileum sil in betinkingsboekje makke wurde. Binne der ek noch minsken, dy't âlde foto's ha fan'e skoalle of fan klassegenoaten, dy't hja tydlik ôfstean wolle foar dit nûmer? (jo krije se letter wis wer werom). Jo kinne dan skilje mei de skoalle nû. 480 - as it yn of tichteby Sleat is helje wy se sels wol op.

75 jier!

Antwurden fan de rubryk: ". Freegje mar raak"

1. De terp fan Hegebeintum
2. Dokter Eeltsje Halbertsma fan Grou
3. "De Fryske Petiele" fan Simke Kloosterman
4. Nocht oan ûnnocht.
5. Jehannes is wat koart oanbûn - gau lilk.
6. Graaf Willem Loadewyk ("Us Heit")
7. Wierum

-
- 1 mar lit it der ek net, om oergean.
 - 2doe hied er de faam by de noas.
 - 3doe stie synpleats yn'e brân.
 - 4en hy rûn tusken twa pastoars yn.
 - 5en hy sleatslatte mei de pankoekspanne.
 - 6en hy plakte syn wiif op't húskelid.
 - 7en hy rûgele fan de tsjerke.

